



Fryslân yn beweging: elkenien docht mei

Beliedsbrief sport



Foaropwurd

Fryslân stiet bekend as in sportive provinsje. Sile, reedride, keatse: der is altiten wat te rêden. Mar soks betsjut net dat Friezen yn trochsneed mear sporte as oare Nederlanners. Oft dat der mear oergewicht is. Krektoarsom. Alle reden om mear Friezen oan it sporten en bewegen te krijen, fynt deputearre Femke Wiersma fan sport. "Oergewicht is in tanimmend probleem. Ek by jonge bern."

Hoe kin soks? Wiersma sjocht in parallel mei de Fryske paradoks. Friezen binne lokkiger as de gemiddelde Nederlander, mar hawwe minder te besteegjen. "Sûn ite kostet mear. Net eltsenien kin dat betelje. Mar it is wol hiel wichtich. En wa wit binne we hjir wat minder dwaande mei it 'schoonheidsideaal' as yn de grutte stêd."

Dêr komt by dat Wiersma in passivere mienskip sjocht. "Bern gongen froeger troch waar en wyn op 'e fyts fan Feanwâlden nei skoalle yn Dokkum. No dogge se dat op 'e elektryske fyts." Minder bûten boartsje, minder bûten wurkje, mear achter tillefoan, tablet en Playstation: minsken komme hieltiten minder út harsels yn beweging.

Wylst hja oan bewegen en sporten safolle hawwe kin. "Dat merk ik sels ek. It kin altyd better, mar ik ryd hinder, ik draaf, ik wol wer mear op 'e racefyts. Der krijst enerzjy fan. In sûne geast yn in sûn lichem, al dy klisjees binne wier. It draacht by oan in folslein wolwêzen. Dêr moat positive oandacht foar wêze. Net mei de belearjende finger."

Kabouterkeatsen

Dy oandacht wol de provinsje mei de beliedsbrieff Sport de kommende jierren jaan bliuwe. Der is de ôfrûne tiid al ynset op projekten as kabouterkeatsen en skoalreedriden. Wat ta in protte entûsjasme by de jongerein late en ta ekstra oanwaaks by keatsclubs. Wiersma wol dy line trochsette.

Noch mear as foarhinne sjocht sy sport as middel om op meardere beliedsfjilden foarút te buorkjen. "In bettere sûnens soarget foar minder soarchkosten. We kinne better oan de foarkant yn sport en bewege ynvestearje as efternei jild stekke



yn it better meitsjen fan minsken." Dêrom wol sy de kommende jierren ek mear jild foar sport útlûke.

De sosjale funksje fan sport is net te ûnderskatten. "Minsken sitte in soad op wat we de sosjale media neame. Dochs is de iensumheid tanommen. Sporte bringt minsken byinoar." Wiersma sjocht sport tagelyk mei sûnens en it iten fan netbewurke produkten fan de boer as in trijelûk. It binne trije pylders foar in sûne mienskip. We hearre altyd dat we yntegraal sjen moatte. Dat kin op dizze wize. Dat moatte we ús bern meijaan."

2028

Wêrmei is de deputearre yn 2028 op it mêd fan sport tefreden, as de nije beliedsbrieff op har ein rint? "Ik hoopje dat minsken har sûner fiele. Dat se mear bewege. As in mienskip it de positive kant op gean litte kin, is dat hjir. Mei de rêst en romte dy't we hawwe. Mar ik haw net de illúzje dat 2028 in einpunt is. Wol dat we dan fierder op de goede wei binne. Dat we dan net allinnich de moaiste provinsje binne, mar ek dy mei de sûnste minsken."



Haadstik 1

Ynlieding: Sport as semint

Sport hat yn Fryslân in sintrale rol yn ús mienskip. Wy hawwe sport yn it hert sletten. Fan it G-team fan LDODK en de Meiden Onder 15 fan Be Quick Dokkum oant de gouden olympyske kampioenen Sven Kramer, Epke Zonderland en Suzanne Schulting. Wy binne grutsk op ús sporters, op elk nivo. It soarget foar emoasje. It bringt ús by elkoar en ferbynt ús. Sport is it sosjale semint yn ús mienskip. Dat wolle wy behâlde en útbouwe.

Wy hawwe in ôfwikseljend lânskip dat útnûget ta bewegen. Mei de tocht by de alve stêden del as hichtepunt. Dy motivearret om ús trochsettingsfermogen te testen, iis of gjin iis. Oanhâlde as storein. De tocht nûget sporters fan binnen en bûten de provinsje út ta boppeminsklike prestaasjes. Lykas Maarten van der Weijden en Stefan van der Pal mei har Alvestêdetriatlons foar it goede doel.

Fryslân is skjin, sûn en gelokkich. Mei ús ekonomyske aginda Blue Delta wolle wy yn 2030 in fitale regio wêze om te wenjen, wurkjen, learen en rekreäarjen. Dêr't romte is om skjinne lucht te azemjen, om te bewegen, te sporten en te moetsjen. Sport en beweging soargje derfoar dat wy better yn ús fel sitte. Wy wolle der as provinsje oan bydrage dat ynwenners op in sûne en lokkige wize in hege leeftyd berikke kinne. Us sûnenskapitaal begjint by de jongerein. De projekten skoalreedriden en kabouterkeatsen litte sjen hoe wichtich it is om op in oantreklike wize sport oan bern oan te bieden.

Sûnere libbensstyl

Sport en bewege spylje in essinsjele rol by it befoarderjen fan in sûne libbensstyl, it fersterkjen fan ús mienskip en it stimulearjen fan persoanlike ûntwikkeling. Se beheine oergewicht en hâlde lichem en geast yn kondysje. Wy stribje dernei om foar in omjouwing te soargjen dêr't elkenien, nettsjinsteande âldens, eftergrûn of feardigensnivo, de mooglikheid yn hat om aktyf diel te nimmen oan sport- en beweechaktiviteiten.

Dêrby hawwe wy each foar spesifike doelgroepen, dy't in triuwke yn 'e rêch nedich hawwe. Lykas âlderein, minsken mei in beheining, minsken fan in oar komôf en minsken mei in leger ynkommen. Wy wolle dat der foar elkenien wat te dwaan is.

Us sportferienings binne sosjale moetingplakken foar al ús ynwenners. Undersyk fan Planburo Fryslân makket soks dúdlik. Sport soarget foar mear sosjale gearhing. Mei ús partners drage wy as provinsje by oan de feroaring dy't yn de sûnenssoarch nedich is: fan soarch nei positive sûnens. Mear sporte en bewege is neffens ús hjir it antwurd op.

Fryske sporten

Bysûnder omtinken fertsjinje de Fryske sporten. It fierljeppen, Frysk damjen, keatsen en skûtsjesilen binne mei-bepalend foar ús kulturele identiteit en erfgoed. Wy fiele dêrfoar in spesjale ferantwurdlikens. Wy wolle de bûnen helpe om de Fryske kultuersporten foar de takomst te behâlden.

Wy binne grutsk op it feit dat It Hearrenfean ien fan de fiif TeamNL-sintra is fan Nederlân (foarhinne CTO, Sintra foar Topsport en Underwiis). It Hearrenfean makket ûnderdiel út fan de nasjonale haadynfrastruktuer foar topsportûntwikkelings. Dêrmei is it in thûsbasis fan TeamNL. Wy wolle in provinsje wêze dêr't (top)sporters har fêstigje wolle, bliuwe en thús fiele. Dêr't talint ta ûntjouwing komt.

Yn dizze beliedsbrieff beskriuwe wy ús ynset as it giet om breedtesport, Fryske sporten en topsport en talintûntwikkeling foar de kommende fjouwer jier. Dêrby wolle wy ta op in sportbelied dat fitaal, ferbûn en feriene is.

Ynhâld

Foaropwurd	3
1. Ynlieding: Sport as semint	5
2. Weromsjen beliedsbrieff sport 2021-2024	7
3. Us rol	8
4. Trends en ûntwikkelings	10
5. Us ambysje en doelen	11
6. Ynset foar Fryske sporten	13
7. Ynset foar breedtesport	15
8. Ynset foar topsport	17
9. De mienskip fersterkje	20
10. Us finansjele ynset	22



Konsintrearje

Wy sjogge earst werom op it belied fan de ôfrûne fjouwer jier. Dêrnei jouwe wy oan wat de rol fan de provinsje is, hokker trends en ûntwikkelings wy sjogge en hoe't wy dêrtroch útkomme by ús ambysje en doelen foar it belied foar de kommende jierren. Ek pleatse wy sport yn in breder perspektyf troch de wearde fan sport foar oare beliedsmêden oan te jaan. Foar de nije perioade kieze wy as folgjende logyske stap foar

in op aksjerjochte en kompakte beliedsbrieff. Mei in beheind tal doelen wolle wy mei mear jild goed rjochting jaan oan ús sportbelied. Soks past by sport: konsintrearje om fierder te kommen. Sport rekket in soad beliedsmêden en elke euro yn sport en bewege is in ynvestearring dy't Fryslân op in soad tema's foarúthelpt.

Haadstik 2

Weromsjen beliedsbrieff sport 2021-2024

Yn ús foarige beliedsbrieff 'Altyd priis' - Fryslân brede sportprovinsje - hawwe wy sechstjin doelen formulearre om útfiering te jaan oan de haadambysje: Fryslân as brede en bysûndere sportprovinsje.

Yn de ôfrûne beliedsperioade binne moaie resultaten behelle. Ek al hat de sportsektor te krijen hân mei de neidielige gefolgen fan koroana. Mei it Ynklúzjefûns Sport hawwe wy goed 150 nije aktiviteiten fan Fryske sportferieningen stipe om ynweners te belûken dy't drompels ûnderfine om te sporten. It giet dan bygelyks om it organisearjen fan sportaktiviteiten foar Oekraynske flechtlingen, it rolstoelfreonlik meitsjen fan sportfjilden en it ynhiieren fan spesifike trainers.

Dêrneist hawwe wy ynnovaasje yn de sport oanfitere mei it stypjen fan de app YnBeweging (www.ynbeweging.frl). Dat is in digitaal platfoarm, opset troch Sport Fryslân, dat fraach en oanbod op it mêd fan sport en beweging foar elke ynwenner yn Fryslân by elkoar bringt. Benammen digitalisearring is wichtich om jongerein goed te berikken. Mei it projekt 'Fifa op de klup' binne gamende jongeren ferlieden om aktyf diel te nimmen oan it ferieningslibben. It Frysk damjen hat troch in ekstra subsydzje in digitale metamorfoaze ûndergien. Sûnt koart kin elkenien op de wrâld mei in digitale leartool ús Fryske fariant fan damjen spylje.

Fierder sjogge wy mear kombinaasjes mei oare beliedsfjilden. Lykas mei it sosjale domein en mei soarch. It Jeugdfûns en it Folwoeksenenfûns Sport en Kultuer fan Ryk en gemeenten meitsje beweging tagonklik foar minsken dy't it net breed hawwe. Wy sjogge in oergong fan soarch nei positive sûnens. Dat bart bygelyks fia de tredde regionale ynnovaasjestrategy (RIS3) fan Noard-Nederlân en it Frysk regioplan as útfloeiisel fan it Yntegraal Soarchakkoart (IZA). Sport en bewege drage by oan it fersterkjen fan soarchprovinsje en dêrnei oan it langer sûn

bliuwen fan ús ynweners. Soks betsjut safolle mooglik eigen rezjy fieren bliuwe op jo eigen sûnens. Goed by jins sûpe en stút wêze!

Skoalreedride en kabouterkeatse

Yn de ôfrûne beliedsperioade hawwe Provinsjale Steaten mei in twatal moasjes jild beskikber steld foar skoalreedriden en kabouterkeatsen. Yn fjouwer jier tiid krije bern fan 180 basisskoallen reedrydles. Dêrnei betsjinje wy de helte fan alle Fryske skoallen. De bern krije fjouwer reedrydlessen yn de Alvestêdehal of Thialf. Dêrneist is der jild útlutsen om bern yn groep trije en fjouwer keatse te litten. Dat plan makket ûnderdiel út fan it gruttere plan 'ûs keatstakomst' fan it Keninklik Nederlânsk Keatsbûn (KNKB), dat wy stypje. De earste sifers litte sjen dat it wurket. Wylst it tal jeugdleden fan Fryske sporten stabilisearret, is dat tal by it keatsen bot tanaam. Fryslân slacht op it mêd fan keatsen foar master op.

De posysje fan topsport yn Fryslân is yn ús sportbelied struktureel ferankere. Topsport NOORD hat him mei tank oan in strukturele provinsjale subsydzje trochûntwikkele. Der leit in goede basis om de topsportynfrastruktuer yn Noard-Nederlân en yn ús provinsje duorsum te fersterkjen.

Haadstik 3

Us rol

Op sportmêd sjogge wy foar ús as provinsje in rol yn it mei elkoar oparbeidzjen mei Ryk en gemeenten. It Ryk hat in start makke mei ferskate gearwurkingsfoarmen, lykas de Beweechalliânsje, it Sûn en Aktyf Libjen Akkoart (GALA) en it Sportakkoart II. It kabinet stribbet dernei dat yn 2040 trijekwart fan de Nederlanners foldwaande beweecht. Soks betsjut dat bern tusken fjouwer en sân jier alle dagen op syn minst ien oere ridlik yntinsyf bewege en folwoeksenen op syn minst twa-en-in-heal oere yn 'e wike.

De lanlike oerheid wol dêrby bouwe oan in kwalitatyf sterke sportynfrastruktuer. Mear partijen moatte meidwaan. De maatskiplike wearde fan sport moat sichtberder wêze. Gemeenten hawwe in wichtige rol as it giet om it akkommodaasjebelied en gemeenten binne ferantwurdlik foar de ôfstimming fan de sprieding fan sportfoarsjennings. Sy binne dêrmei ferantwurdlik foar in kwalitatyf beweechoanbod foar de eigen ynwenners. Alle Fryske gemeenten hawwe ek in eigen sportakkoart.

Sportwet

It kabinet wurket op it stuit oan in Sportwet, dêr't it de publike ferantwurdlikens fan de oerheid foar it takomstbestindich organisearjen fan sport yn fêstlizze wol. Soks kin betsjutte dat gemeenten, mar ek de provinsje, in wetlike rol op it mêd fan sport krije sille. Oant dy tiid is it opstellen fan sportbelied in kar fan de provinsje. Wêrby't wy ús ekstra ferantwurdlik fiele foar de tradisjonele Fryske sporten, fanwegen har kulturele wearde.

Wy sjogge ús rol as dy fan oanjeier, ferbiner en fernijer. Wy binne yn de posysje om partijen by elkoar te bringen. Sadat partijen út ferskate ynfalshoeken wei mei elkoar wurkje oan in fitaal Fryslân. Wy sjogge foar ús in sintrale rol as it giet om de sosjale ynfrastruktuer foar de breedtesport, Fryske sporten en topsport yn Fryslân. Mei Sport Fryslân en Topsport NOORD as oerkoepeljende organen kinne partijen yn Fryslân rap skeakelje om sa sport- en beweechaktiviteiten en -inisjativen te ûntwikkeljen. Sa biede wy de goede rânebetingsten oan om in posityf sportklimaat te kreëarjen foar wichtige spilers, lykas

gemeenten, sportferienings en maatskiplike organisaasjes, mar fansels ek foar al ús ynwenners.

Fierder fine wy it wichtich dat der yn de Fryske sportsektor foldwaande fernijing plak fynt, benammen om sport oantreklik te hâlden foar de jongere doelgroep. As fernijer wolle wy ek goede en suksesfolle inisjativen yn meardere gemeenten lânje litte. Mei fernijende wurkwizen meitsje wy in nij en oansprekkend oanbod út benammen fan Fryske sportferienings mooglik. Fanselssprekkend hawwe wy in bysûndere ferantwurdlikens om de Fryske identiteit en it Fryske erfgoed te fersterkjen mei de ynstânhâlding en trochûntwikkeling fan de Fryske sporten.

Mei ús ferbinings- en fernijingskrêft en it beskikber stellen fan oanjaachkapasiteit soargje wy mei in ûnsichtbere hân foar in goed funksjonearjend ekosysteem foar in posityf sportklimaat. Wy sette ús gemeenten, Fryske sportbûnen en sportoanbieders yn harren krêft om mei beweechinisjativen te kommen foar ús mienskip. Net allinne yn Fryslân, mar ek nasjonaal en ynternasjonaal azemet Fryslân ien en al sport út. Troch ús miljoene-ynvestearings hawwe wy de nijbou fan it 50 meter swimbad De Welle, de bou fan de Alvestêdehâl en de trochûntwikkeling fan Thialf mooglik makke.

In foarbyld fan tûk mei elkoar oparbeidzje. Mei de Brede Regeling Kombinaasjefunksjes per 2019 ynvestearje Ryk en gemeenten mei elkoar yn de ynset fan ûnder oare buertsportcoaches. Dizze coaches motivearje ynwenners mei in persoanlike oanpak om mear diel te nimmen oan sport, bewege en kultuer en sa sûner, aktiver en fitter te wêzen. Op dit stuit telt Fryslân sa'n 140 buertsportcoaches. De buertsportcoaches binne yn tsjinst fan de gemeente/lokaal sportbedriuw of Sport Fryslân en binne lokaal útfierder en ferbiner. Sy kinne har trochûntwikkeljen en ferbetterjen bliuwe. Sport Fryslân organisearret geregeldwei ynspiraasje - en útwikselingsdesjes. De gearwurking tusken de beweechteams fan Sport Fryslân en de provinsjale aktiviteiten neamt Sport Fryslân 'TeamFRL'.



Foto: Johan de Wit

Haadstik 4

Trends en ûntwikkelings

Yn Fryslân steane wy foar demografyske útdagings. De kommende tweintich jier sil ús provinsje te krijen hawwe mei dûbele fergrizing, ûntgriening en fertinning fan húshâldings. Wy sjogge in âldere en mear mingde befolking, dy't mear yndividueel rjochte is. It sil drokker wêze as gefolch fan tanimmende migraasjestreamen. Minder jongerein en gâns mear âlderein - mei mear groansk siken en in heger oandiel kwetsbere ynwenners - hawwe ynfloed op it sportmêd. Sawol as it giet om ledetal, as om it tal frijwilligers en it gebrûk fan foarsjennings.

Fierder sjogge wy dat ús ynwenners mear ferlet hawwe fan sporte en bewege yn de iepenbiere romte. Minsken sille hieltyd faker yndividueel of yn selsorganisearjende groepen sporte en minder yn ferieningsferbân. Benammen jongerein siket har heil yn gaming en e-sports en fine op dy wize sosjale ynteraksje. Minsken bepale sels wannear't, wêr't en mei wa't se sporte.

Kearnwaarde

De boppeneamde demografyske ûntjouwings fergrutsje de druk op in sterke mienskip, in wichtige kearnwaarde fan Fryslân. It Planburo Fryslân hat op grûn fan meardere ûndersiken sjen litten dat de lokale feriening in sintrale rol yn de mienskip spilet. Soks giet fierder as de rol as sport - en kultueroanbieder foar alle ynwenners. De feriening is ek in moetingssplak foar sosjale kontakten en ûntspanning. Se is in middel om iensumens² en beweechearmoede op te kearen. De lokale feriening is in dynamyske omjouwing, dêr't bern en jongerein yn opgroeie en dy't har foarmet.

Oergewicht

Yn Fryslân hat 52% fan de ynwenners fan achttjin jier en âlder yn bepaalde mjitte oant slim oergewicht. Yn 2016 wie dat eksakt de helte, ek it hjoeddeistige lanlik gemiddelde. Fan de ynwenners fan Fryslân dy't 65 jier en âlder is, is hast seis op de tsien te swier. Yn guon gebieten binne útsjitters te finen, lykas yn Harns.

Yn 2023 foldie 47,5% fan de ynwenners fan achttjin jier en âlder oan de lanlike beweechrjochtlíne³; dat is gelyk oan it lanlik gemiddelde.

Hoewol't wy ús as Friezen dêrmei net ûnderskiede fan de lanlike noarmen, binne wy gemiddeldwei nommen al te swier. Wy wolle yn de folgjende haadstikken mei in tal aksjelinen in beweging yn gong sette om Friezen mear as no bewege en sporte te litten.

Haadstik 5

Us ambysje en doelen

Us ambysje is om in posityf en ynspirearjend sport- en beweechklímaat yn Fryslân nei te stribjen oan de hân fan in gearhingjende oanpak op it mêd fan de Fryske sporten, breedtesport en topsport. Dêrby wolle wy de dielname fan Friezen oan sport- en bewegingsaktiviteiten ferheegje. De provinsje stiet noed foar in duorsume sportynfrastruktuer yn Fryslân, dy't fasilitearjend, tagonklik en útnûgjend is foar elkenien. Wy wolle dat sport en bewege foar elkenien berikber is. It giet der om dat in elk mei nocht en wille meidwaan kin, him wolkom fielt, him akseptearre fielt en eigen sportkarren meitsje kin. De basis moat op oarder wêze. Dêrby binne trije prinsipes liedend: fitaal, ferbinend en feriene.

Fryske sporten:

- Wy stribje nei in hegere dielname fan bern en jongerein en wolle de Fryske kultuersporten mear op de ynternasjonale kaart sette. Elk bern yn Fryslân komt yn oanrekking mei ien of meardere Fryske sporten, ynklusyf it reedriden.
- Wy stypje de Fryske sportbûnen by it meitsjen fan goed trochtochte takomstbestindige karren, om sa de Fryske sporten fitaal te hâlden.

Breedtesport:

- Wy meitsje it beweechoanbod foar bern, jongerein en kwetsbere doelgroepen bekender, tichterby en tagonklik. It giet dêrby om doelgroepen dy't minder de oanstriid fiele om diel te nimmen, lykas âlderein, minsken mei in beheining, minsken fan in oar komôf en minsken mei in leger ynkommen.
- Wy fersterkje de organisaasjekrêft fan Fryske sportferienings op grûn fan mear gearwurking tusken ferienings, mear stipe foar (nije) inisjativen en in profesjoneel netwurk.

Topsport:

- De maatskiplike wearde en ynspirearjende útwurking fan (top)sport is fersterke yn Fryslân.
- De (ynter)nasjonale topsportynfrastruktuer yn Fryslân is fersterke en dêr wêr't dat mooglik is útboud.

Mei boppesteande ambysje en doelstellings wolle wy as provinsje yn it ramt fan ús rol der nei tawurkje dat yn 2040 op syn minst trijekwart fan alle Friezen genôch beweecht. Op dit stuit foldocht 47,9% fan ús ynwenners oan dizze noarm. Dêrmei slute wy oan op de lanlike doelstelling fan it Ryk.





Haadstik 6

Ynset foar Fryske sporten

De Fryske sporten binne ûnderdiel fan 'it Frysk eigene', ús kultureel erfgoed. It fierljeppen, Frysk damjen, keatsen en skûtsjesilen, mar ek it reedriden en de Fryske hynstesport drage by oan de identiteit fan Fryslân en jouwe ekstra profyl oan Fryslân as sportprovinsje. It binne ek de sporten dêr't de Fryske taal in wichtige stimpel op drukt. Yn de simmerfakânsje soargje de Fryske sporten foar in hiel soad dynamyk, dêrûnder de PC yn Frjentsjer, it skûtsjesilen op de Fryske marren en it concours hippique yn Bûtenpost. Dizze eveneminten sette ús provinsje op de kaart. De Fryske sporten lûke as taskôgers ek in soad toeristen oer de grins. It fierljeppen jildt as in 'bizarre Dutch' sport, dêr't mannich bûtenlanner frjemd fan opsjocht.

Fryske sportbûnen

De Fryske sportbûnen hawwe mei de provinsje har ambysjes diel. It Damboun Frysk Spul hat de ambysje om Fryslân it sintrum te meitsjen fan de tinksport en wol it Frysk damjen oantrekliker meitsje foar de jonge doelgroep. It Frysk Ljeppersboun hat it takomstplan 'de sprong foarút' opsteld en wol ûndersykje hoe't in wedstryd mear in ûnderfining wêze kin. Dêrneist wol it bûn him talizze op it oanlizzen fan nije (jongerein) skânsen en it fersterkjen fan it oanbod oan profesjonele officials en trainers.

De KNKB wol him mear profesjonalisearje yn it swyljen fan fûnsen en hat de ambysje om it WK wallball⁴ yn 2025 yn Fryslân te organisearjen. Wy stypje it stribjen fan de KNKB om in fariant fan it keatsen op de Olympyske agenda te krijen. Koartlyn beslute it bûn om fiks te ynvestearjen yn it ynnovearjen fan de website. Stichting Foar de Neiteam en de Sintrale Kommisje Skûtsjesilen (SKS) wolle de sichtberens fan it skûtsjesilen by nije digitale media en de technyk yn wedstriden ferbetterje. De stichting soarget foar heechwaardige lesprogramma's oer it skûtsjesilen yn it primêr en fuortset ûnderwiis en ferfollet in wichtige argyffunksje.

De kommende perioade wolle wy, mei it each op ús bysûndere ferantwurdlikheid, de Fryske sporten mear posisjonearje en behâlde foar de takomst, troch yn te setten op in mienskiplike promoasje en it jaan fan in dúdlik gesicht.

Dêr wolle wy it folgjende foar dwaan:

- Wy passe in lytse ferheging fan de boekjerssubsydzje mei de Fryske sportbûnen ta, sadat de Fryske ferienings dy't allinnich mei frijwilligers wurkje - útsein it keatsbûn - wat mear earmslach hawwe. It giet dêrby om Damboun Frysk Spul, Frysk Ljeppers Boun en Stichting foar de Neiteam.
- De Fryske taal hat in natuerlik plak yn it sportklimaat yn Fryslân, benammen by de tradisjonele Fryske sporten. Yn 'e mande mei de sportorganisaasjes dêr't wy in boekjerssubsydzjerelaasje mei hawwe, stimulearje wy dat de meartaligens en benammen de sichtberens fan it Frysk (en eventueel de streektalen) fersterke wurdt. Wy tinke dêrby oan it meartalich oanbieden fan reklame-, foarljochtings- en ynformaasjemateriaal, websiden en de sichtberens fan it Frysk yn de organisaasje of it gebou. Wy sjogge de sportorganisaasjes as de nammekaartsjes foar de Fryske taal.
- Wy reservearje foar de perioade 2025-2028 alle jierren € 137.500,- om de takomstbestindigens fan de Fryske sporten in ympuls te jaan. Dêrby is spesjaal omtinken foar mienskiplike posisjonearing, digitalisearring en it oanlûken fan bern en jongerein. Wy sette it finansjeel stypjen fan it projekt 'Fryske sport yn dyn klasse' troch, wêrby't bern yn de groepen fiif oant en mei acht boartsjenderwei yn oanrekking komme mei de Fryske sporten. Mei Sport Fryslân as koördinator komme der yn gearwurking mei de Fryske sportbûnen ynspirearjende programma's, ynklusyf skoalbesites fan Fryske topsporters. Wy bestindigje dêrmei de gearwurking tusken de Fryske bûnen, it Sintraal Ynstitút Oplieding Sportlieders (CIOS), sportferienings en de basisskoallen.
- Wy reservearje alle jierren in bedrach foar de regeling Fryske sporten, dêr't wy in breed en ferspraat oanbod oan eveneminten mei stimulearje, dy't de Fryske sporten yn de etalazje sette. Dêrby stelle wy as betingst dat it



Haadstik 7

Ynset foar breedtesport

Fryslân hat in ryk ferieningslibben mei frijwilligers dy't in soad (sport)aktiviteiten organisearje. Yn 2022 wie yn Fryslân 26,9% fan de ynwenners lid fan ien of mear sportbûnen dy't by it Nederlânsk Olympysk Komitee en de Nederlânske Sport Federaasje (NOC*NSF) oansletten binne. Dat persintaazje is heger as it lanlik gemiddelde fan 24%. Fan de jongerein is 54% aktyf by in sportferiening. As har leeftiid omheech giet, sporte Friezen mear allinnich en net organisearre (35%). De wyklike sportdielname fan Friezen dy't 18+ binne, leit om de 47,9% hinne; dat is in stik leger as it lanlik gemiddelde dat op 53,6% leit. Us ambysje is om de sportdielname fan Friezen te ferheegjen.

Yn de breedtesport wolle wy dêrom de kommende perioade trije aksinten lizze:

- it trochûntwikkeljen en ferbreedzjen fan de systeemfunksje fan Sport Fryslân;
- it fersterkjen fan de organisaasjekrêft fan Fryske sportferienings;
- it oanfiterjen fan in ferskaat en ynklusyf sport- en beweechoanbod foar elkenien. Mei in oanbod foar alle leeftiidsfazes, dêrûnder ek in oanbod foar minsken mei in oar komôf, lykas nijkommers, minsken mei in beheining of minsken dy't om de earmoedegrins hinne libje.

Spesifyk omtinken jouwe wy oan de doelgroep âlderein, fan wa't it oandiel yn de Fryske befolking flink tanimme sil. As de fitaliteit fan senioaren de kommende jierren net tanimt, dan binne hieltyd hegere soarchkosten in logysk gefolch.

Sport Fryslân is in selsstannige stichting en de sport- en beweechorganisaasje fan de provinsje Fryslân. Mei TeamFRL, in tûke gearwurking tusken de buertsportcoaches en provinsjale aktiviteiten, is Sport Fryslân aktyf yn alve fan de achttjin Fryske gemeenten, en dêrby't ferantwurdlik foar it beweechbelied. Yn de oare sân gemeenten wurket Sport Fryslân nau gear mei de oanbelangjende sportbedriuwen.

Yn de praktyk docht bliken dat ek oare partijen Sport Fryslân goed witte te finen, lykas it ministearje fan Folkssûnens, Wolwêzen en Sport (VWS), Geastlike Sûnenssoarch (GGZ), Forinsyske Psychiatryske Ofdieling (FPA), Fryske skoallen, De Friesland Soarchfersekerer en Bedriuwfitness Nederlân. Sport Fryslân ferfollet dêrby de rol fan adviseur, wêrby't bewege en sporte in part is fan de oplossing foar it fersterkjen fan de brede fitaliteit fan Fryslân.

Bûten de provinsjale grinzen is Sport Fryslân aktyf yn ferskate netwurken, lykas de Beweechalliânsje, Sportkrêft 12^{de} en de Buertsportcoach Academy, mei as doel om it Fryske kennisnivo om sport en beweging hinne te ferheegjen. Yn Nederlân is Sport Fryslân it op ien nei grutste profesjonele sportbedriuw. Dêrmei ferfollet it in sintrale rol as it giet om it praktysk koördinearjen en oanjeien fan sport- en beweechaktiviteiten. Wy wolle dat Fryslân mear profitearret fan middels foar sport en bewege, dy't it Ryk en de Europeeske Kommisje beskikber stelle. Dêr sette wy yn 'e mande mei Sport Fryslân op yn.

Regeldruk

De Fryske ferienings hawwe it swier as gefolch fan tanimmende regeldruk en in gebrek oan frijwilligers en bestjoerskrêft. Net alle sportferienings, mar ek kulturele ferienings en doarpsshuzen. De ferienings ferfolje in wichtige maatskiplike rol en binne in sterke drager fan de Fryske mienskip. Sûnder sportferienings kinne ús ynwenners net yn teamferbân sporte.

Wy wolle ûndersykje hoe't wy de takomstbestindigens fan ferienings duorsum stypje kinne en hoe't Sport Fryslân dêrby in stypjende rol spylje kin om ta in optimaal ferieningsklimaat te kommen. Dêrmei jouwe wy útfiering oan de moasje frjemd⁶ hoe't Sport Fryslân hjiryn stypje kin om te kommen ta in optimaal ferieningsklimaat. Wy sjogge sels mooglikheden yn mear gearwurking tusken de lokale ferieningen, mear tûke stipe

oanbelangjende evenemint opnommen wêze moat yn de wedstrydaginda fan it Frysk sportbûn, de Alvestêdehal of Thialf.

- Wy kontinúearje de subysdzjelaasje mei it CIOS om der noed foar te stean dat studinten ûnderfining opdwaan kinne mei Fryske sporten. Troch har oplieding kinne sy lesjaan yn de Fryske sporten. It CIOS is wichtich foar de oanfier fan sportdosinten en -ynstrukteurs, ek spesifyk foar de Fryske sporten. Mei tank oan ús bydrage komt der alle jierren in

programma mei in kardiël foar Fryske sporten, ynklusyf de organisaasje fan in Fryske sportdei.

- Wy reservearje in ekstra bedrach fan € 250.000,- foar it projekt Frysk skoalreedriden, sadat wy dit projekt mei twa jier ferlinge kinne, wêrmei't it lykop rint mei de hjoeddeistige beliedsperioade. Mei dit projekt beëagje wy dat bern fan op syn minst 180 basisskoallen yn Fryslân yn oanrekking komme mei it reedriden.

foar inisjativen fan ferienings en in provinsjaal netwurk dêr't de ferienings op weromfalle kinne.

Bondele gearwurking

Dat slút oan by ús ambysje om ta in bondele gearwurking te kommen foar stipe fan de mienskip. Yn de kommende perioade wolle wy mei Doarpswurk, Keunstwurk en Sport Fryslân ûndersykje hoe't dy gearwurking der útsjen kin en hokker konkrete stappen dêrfoar fanneden binne. Dêrneist fine wy it fan grut belang dat der yn Fryslân in oanbod mei in ferskaat oan sporteveneminten is, dat foar elkenien tagonklik is. By it provinsjale platfoarm ynbeweging.frl komt in Fryske sport- en beweekkalinder.

Wy fine it wichtich dat elkenien mei wille sa lang mooglik meidwaan kin, him wolkom en akseptearre fielt, derby heart en eigen sportkarren meitsje kin. Foar eltse ynwenner in libben lang sport- en beweekwille. Wy wolle (fer)nije(nde) aktiviteiten ûntploaie litte, dy't meitsje dat kwetsbere groepen makliker yn de eigen omjouwing bewege. It ûntwikkeljen fan in sportoanbod foar spesifike doelgroepen krijt omtinken yn ús sportbelied. In soad omtinken giet út nei de senioaren en de doelgroep tolve oant achttjin jier, om't dit de leeftydskategory is mei de measte ôfheakkers by sportdielname. Foar sportferienings is de hieltyd âldere befolking en it oanlûken en behâlden fan jongeren in grutte útdaging. Nije oanwaaks is sa wichtich foar it bloeiend hâlden fan sportferieningen.

Boppesteande wolle wy berikke oan de hân fan de folgjende aksjes:

- Wy kontinearje ús jierlikse boekjierssubsydzje mei Sport Fryslân foar it trochûntwikkeljen en fernijen fan de ekosysteemtsjinsten op it mêd fan (breedte)sport en bewege foar ús Fryske ynwenners.
- Wy reservearje alle jierren in bedrach foar de regeling grutskalige sporteveneminten. Mei dizze regeling wurdt subsydzje jûn foar it organisearjen fan ynternasjonale sporteveneminten, topsporteveneminten en breedtesporteveneminten yn ús provinsje.
- Wy beëinigje de boekjierssubsydzje fan Wettersportferiening Snitswike, om't it subsidiearjen fan de organisatoaryske wurksumheden fan de Snitswike folle better past yn de regeling grutskalige sporteveneminten.
- Wy ûntwikkelje mei Sport Fryslân en de Fryske gemeenten in gearhingjend plan om de tagonklikens fan en it meidwaan oan sporten ûnder de doelgroep jongerein, minsken mei in

beheining en âlderein in ympuls te jaan. Dêrby sjogge wy in wichtige rol weilein foar it provinsjaal platfoarm YnBeweging.frl. Dêrfoar reservearje wy alle jierren in bedrach fan € 50.000,-.

- Wy yntegrearje it hjoeddeistige Fûns Ynklusiviteit Sport dat Sport Fryslân beheart en it Ynovaasjefûns ta ien breed sportfûns mei in jierliks budzjet fan € 65.000,-. Mei dit fûns kinne Fryske sportferienings op in leechdrompelige wize tegoedbonnen (vouchers) fan € 1000,- oanfreegje foar it ûntwikkeljen fan (fer)nije(nde) aktiviteiten, dêr't elkenien oan meidwaan kin en dy't rjochte binne op ynwenners en doelgroepen dy't drompels ûnderfine om sporte en bewege te kinnen.
- Mei it EuropaPact Fryslân wolle wy nauwer gearwurkje om mear middels te generearjen foar projekten en aktiviteiten dy't sporte en bewege ta doel hawwe. Yn 'e mande mei Sport Fryslân, it KNKB en mooglik oare sportorganisaasjes ambiearje wy oare jildstreamen nei Fryslân te heljen.

In ynspearearjend foarbyld fan in Fryske gemeente dy't op bysûndere wize har jongerein stimulearje wol om yn beweging te kommen is de gemeente Waadhoeke. Dizze gemeente is yn gearwurking mei Stichting Seewyn Keunstedukaasje en Sport Fryslân in proef starten, wêrby't alle jongerein yn de leeftiid fan tolve oant sechstjin jier, goed 2600 jongeren yn totaal, in tegoedbon mei in wearde fan € 200,- krigen hawwe foar in fer-gees sport - en kultueroanbod. It doel fan dizze aksje 'Fergees Aktyf Waadhoeke' is om jongerein yn de gemeente te stimulearjen om yn beweging te kommen troch it oanbod oan sport-, beweging- en kulturele aktiviteiten tydlik drompelleas mooglik te meitsjen. YnBeweging is de webside dy't alle aktiviteiten sichtber makket en dêr't oanbieders har oanbod publisearje kinne.

Haadstik 8

Ynset foar topsport

De topsport yn Nederlân is organisearre yn fiif TeamNL sintra. Dy sintra sitte yn Amsterdam, Den Haach, Eindhoven, Papendal én op It Hearrenfean. It unike oan dizze sintra is dat trainingsfasiliteiten, húsfêsting, ûnderwiis en medyske en oare spesjalisistyske begelieding ticht by inoar te finen binne. Om derfoar te soargjen dat topsporters en talinten har optimaal tariede kinne op it heechste poadium, is in goede topsportynfrastruktuer needsaaklik. De TeamNL-sintra meitsje diel út fan de haadynfrastruktuer foar topsportûntwikkelings en foarmje de thûsbasis foar al dy topsporters en talinten dy't der yn Nederlân binne.

Ut namme fan NOC*NSF is Topsport NOORD, fêstige op It Hearrenfean, de foarútskade post yn it Noarden, as driuwende krêft foar topsport en talintûntwikkeling yn Noard-Nederlân. Topsport NOORD stipet yn de trije noardlike provinsjes sporttalinten en topsporters en set topsport en talintûntwikkeling op de kaart by oerheden, ûnderwiis en bedriuwslibben. Meimekoar telt Noard-Nederlân sa'n 150 topsporters en 500 sporttalinten. Om har optimaal te stypjen yn har ûntwikkeling nei de top, stiet Topsport NOORD noed foar in goede topsportynfrastruktuer en heechwaardige begelieding.

Topsport NOORD biedt ûnderdak oan sân topsportprogramma's: inlineskate, judo, langebaanreedriden, shorttrack, turnjen foar froulju en manlju én swimme. Dêrneist binne der regionale trainingssintra, dy't as doel hawwe om jonge talintfolle sporters ekstra fasiliteiten te bieden en mooglik trochstreame te litten nei de lanlike top. Fryslân telt sân fan meimekoar achttjin regionale trainingssintra yn Noard-Nederlân. Njonken de earder neamde sporten stipet Topsport NOORD ek de syltalinten op en om de Snitser Mar hinne.

Op noardlik nivo wurkje wy gear mei fiif gemeenten en de provinsjes Grinslân en Drinte oan de útwurking fan de Nederlânske topsportaginda. Mei dizze aginda diele wy kennis en kunde en saakkundigens. Sa stypje wy de rûte fan breedtesport nei topsport fia talintûntwikkeling.

Hubs

Sûnt 2020 is Talintheub NOORD de karlûker foar de noardlike topsportaginda, dy't in basis biedt foar in mienskiplik ynhâldlik ferhaal foar topsport en talintûntwikkeling. Oan de hân fan trije fysike lokaasjes yn de trije provinsjes stiet Talintheub NOORD noed foar de lokale ferankering fan dizze aginda. Yn Fryslân fungearje Sportstad Hearrenfean en Thialf as in saneamde hub, njonken Grins en Emmen. Mei it nije swimbad De Welle yn Drachten op komst en it sylprogramma, wol Talintheub NOORD noch in twatal hubs yn de takomst taheakje.

Topsport NOORD hat foar de takomst grutte ambysjes. It wol it olympysk tariedingssintrum wêze foar Nederlânske topsporters as it giet om de Winterspelen. Oare ambysjes binne de fêstiging fan in 'sport analytics center' om mear spesifike bewegingsdata te generearjen, mei de klam op wintersporten en in budosintrum foar beoefening fan ûnderskate dissiplines yn de fjochtsport. Fierder wol Topsport NOORD him mei twa programma's ûnderskiede en mear profielearje. Dêrby giet it om in ynternasjonaal coachprogramma en it ûntwikkeljen fan in maatskiplik 'impact programma'. Om dat mooglik te meitsjen wol Topsport NOORD it publyk-private partnerskip robûster meitsje en in nije organisaasjeûntwikkeling yn gong sette. Mei ús strukturele bydrage is Topsport NOORD better yn de posysje om publike en private bydragen krije te kinnen.

Topsport en eveneminten ynspearearje en kinne in grut gefoel fan ferbûnens jaan. Fryslân hat bekende boechbylden ûnder de sporters. Mei ús bydrage oan Topsport NOORD stimulearje wy dat topsporters ynset wurde om de jongerein oan te setten ta mear beweging en dielname oan sportaktiviteiten. Sport kin in wichtige ferbinende faktor wêze. Elke topsportkarriêre begjint ommers by in sportklup yn de buert.

De grutskens op de prestaasjes fan de Fryske sporters ûnderstreekje wy mei ús bydrage oan it bêste sportmomint fan Fryslân en de Fryske sportoefrepriis. Fryslân as kweekfiver foar mear kampioenen yn mear dissiplines.



Fitaler persoaniel

Topsport NOORD hat in programma ûntwikkele foar wurkjouwers om te wurkjen oan in fitaler personielsbelied, as ûnderdiel fan de noardlike topsportagenda. Fryske oerheden en bedriuwen kinne dêr gebrûk fan meitsje. As provinsje wolle wy útstriele dat wy grutte wearde hechtsje oan it fersterkjen fan in fitale organisaasje. Fytte wurknimmers binne oer it generaal gelokkiger, sitte lekkerder yn har fel, binne yn trochsneed produktiver en hawwe minder wurkútfal.

Wy ynvestearje net yn topsportlokaasjes, útsein yn Thialf en De Welle. Wy binne foar twatredde oandielhâlder fan Thialf en hawwe in bysûndere ferantwurdlikheid om Thialf te behâlden as topsportlokaasje. De reedrydsport is fan (ynter) nasjonaal grut belang. Fryslân identifisearret him mei de reedrydsport. Sadwaande dat reedriden in bysûndere posysje hat yn ús sportbelied. Yn it ramt fan de Gearwurkingsagenda mei de gemeente Ljouwert wei hawwe wy ynvestearre yn de Alvestêdehal.

Mei in ynsidintele ynvestearring yn De Welle behâldt Drachten har fyftichmeterbad. Dêrmei is dit swimbad tagonklik

foar topsporters út it Noarden en Easten fan Nederlân. It earstfolgjende fyftichmeterswimbad is yn Amersfoort. Mei de Fryske marren (sile), De Welle (swimme) en Thialf (reedride) beskikt Fryslân as wetterrike provinsje oer ferskate nasjonale topsportlokaasjes, dy't naadleas oanslute by de profiearring fan Fryslân as in Blue Delta regio. Wetter makket ûnderdiel út fan de natuerlike habitat fan Fryslân.

Om Fryslân as topsportregio te fersterkjen stelle wy út de folgjende aksjes yn te setten:

- Mei it kontinúearjen fan ús boekjierssubsydzje oan Topsport NOORD ynvestearje wy bliuwend yn de trochûntwikkeling fan in duorsume ynfrastuktuer foar topsporters en talinten, mei It Hearrenfean as noardlik episintrum foar topsportûntwikkelings.
- Wy binne fan doel om mei de provinsjes Grinslân en Drinte bliuwend mienskiplik te ynvestearjen yn de Noardlike Topsportagenda mei alle jierren mei in bydrage fan € 40.000,-.
- Wy drage alle jierren € 20.000,- by oan de sportoeverpriis en it moaiste sportmomint, yn oparbeidzjen mei Omrop Fryslân, Mediahûs en Sport Fryslân.

Haadstik 9

De mienskip fersterkje



Sport nûget út ta bewegen en hat dêrmei ferskate reitsflakken mei oare beliedsfjilden. Wy ferstevigje de kommende beliedsperiode de yntegrale linen en wy drage by oan oplossings, wêrby't 'bewege en sporte' in pasklear antwurd is foar it fersterkjen fan in fitale mienskip yn Fryslân. Hjirûnder yn it koart in oersjoch fan ferskate beliedsynfalshoeken dy't wy foar eagen hawwe:

- Yn it Frysk regioplan 'Juiste zorg op de juiste plek' binne fia de bestjoerstafel Seker en Sûn opjefte formulearre om it Fryske soarchlânskip takomstbestindich te meitsjen. Troch dûbele fergrizing en it tekoart oan arbeidskapasiteit is de wize wêrop't de soarch organisearre is net mear hâldbber. In sterke sosjale basis is fan grut belang foar de selsredsumens fan ús ynweners, dêr't mei sporten en bewegen flinke sûnenswinst mei te beheljen is. De reade tried yn de opjefte yn it Frysk regioplan is it fersterkjen fan de mienskip, de sosjale basis en it ynsetten op previnsje om de soarch yn Fryslân foar alle ynweners beskikber en tagonklik te hâlden. Yn de regio-opjefte 'kânsryk opgroeie en sûn libje', 'sûn âlder wurde' en 'mentale sûnens en fearkrêft' is belutsenens fan netwurkpartners op it mêd fan sport fan grut belang.
- De beweging fan soarch nei (positive) sûnens is boppedat ien fan de fjouwer transysjes yn de tredde noardlike regionale ynnovaasjestrategy (RIS 3) 2021-2027. Troch dy transformasje yn gong te setten, moat foarkommen wurde dat de fraach nei soarch tefolle omheech giet.
- Sawol by sporten as by mobiliteit hat 'bewege' it foaroanplak. Der binne ferskate relaasjes te lizzen. Bewege is sûn en soarget foar fitaliteit. Rinne en fytse binne modaliteiten dy't sûn én duorsum binne. Se drage by oan ôfspraken dy't makke binne yn it Klimaataakkoart, dat as grûnslach tsjinnet foar ús fêststelde Regionaal Mobiliteitsprogramma (RMP). Yn programmaline 1 út it RMP stiet bygelyks: wy binne goed berikber en ús netwurken binne betrouber, effisjint

en takomstbestindich. By de útwurking fan maatregels en by it ynrjochtsjen fan ús iepenbiere romte wurdt it STOMP-prinsipe tapast. Dat prinsipe hâldt yn dat wy by it sykjen fan mobiliteitsoplossings earst sjogge nei oplossings foar fuotgongers (Stappen), dan fytsers (Traapje) en dêrnei it iepenbier ferfier en de minder duorsume mobiliteitsfoarmen, lykas 'Mobility as a service' en as lêste de Privéauto.

- Fierder hawwe wy de beliedsbrief 'Fryslân Feilich Fytslân 2.0', dy't yn 2022 fêststeld is. Dêryn is de ambysje opnommen om mear minsken op de fyts te krijen en it tal fytslachtsoffers sa leech mooglik te hâlden. Yn dizze beliedsbrief binne trije haaddoelen beskreaun:
 - it stimulearjen fan fytsgebrûk troch ekstra fytsynfrastruktuer, trochbouwe oan it netwurk fan haadfytsrûtes, ekstra omtinken foar spesifike doelgroepen, beskikber stelle fan in fyts foar elkenien;
 - it ferbetterjen fan 'e fytsfeiligens troch maatregels, beskermingsmiddels (helms) en ynnovaasjes;
 - it binnenheljen fan in ynternasjonaal hurdfytsevenemint.

Dêrneist hawwe wy yn it Bestjoersakkoart 2023-2027 de ambysje formulearre om de fytsprovinsje fan Nederlân te wurden. Wy ynnvestearje dêrom de kommende bestjoersperiode € 3 miljoen ekstra yn it provinsjaal haadfytsrûtenetwurk.

Nettsjinsteande dat hawwe wy ek oanjûn dat it útfieren fan it lêste haaddoel yn dizze bestjoersperiode om finansjele redenen gjin prioriteit hat.

Yn it ramt fan ferkearsfeiligens stimulearje wy ûnder oare de ferkearsfeiligens fan fytsende âlderen middels it projekt 'Doortrappen', in inisjatyf fan it ministearje fan Ynfrastruktuer en Wettersteat. Yn gearwurking mei alle Fryske gemeenten en ferkearsfeiligenspartners stimulearje wy âlderein om langer

feiliger te fytsen, wêrby't der in soad omtinken is foar fytsfitheid, beskermings- en helpmiddels en falprevinsje. Mei dit projekt wurdt ynspile op de tanimming fan it tal ferkearslachtsoffers, as gefolch fan de dûbele fergrizing. Yn 2040 sille der neffens ús prognoazes nammentlik hast 200.000 âlderen wenje yn Fryslân.

- As wy sjogge nei it romtlik belied, beskriuwt de provinsje strategysk belied foar de lange termyn foar de hiele fysike leefomjouwing yn de Provinsjale Omjouwingsfisy (POVI). Dy fyfje giet yn op de romtlike konsekwinssjes fan karren op it mêd fan wetter en boaiem, miljeu, natuer, lânskip, ferkear en ferfier, ynfrastruktuer en kultureel erfgoed. Ut it eachpunt fan sport wei biedt de POVI ramten om in beweefreunlike, feilige en sûne leefomjouwing te stimulearjen, wêrby't bern, jongerein en folwoeksenen útnûge wurde om (mear) te bewegen en oare minsken te moetsjen.
- Yn it ramt fan it lanlik tema 'Beweging Yn de Iepenbiere Romte' (BIOR), wêrby't ynset wurdt op in sportive ynrjochting fan de beboude omjouwing, wurdt de drompel ferlege foar ús ynweners om yn it deistich libben te bewegen en te sporten. Ynset om mear kuier- en fytsrûtes te ûntwikkeljen is fan grut belang, mei it each op de tanimmende fergrizing en om mear minsken út de auto te krijen. Tûke tapassings binne: tagonklikens fan grien, kommunikaasje oer de rûtes, ferljochting by de rûtes del en it ferbetterjen fan boartersplakken.
- Op it mêd fan rekreaasje en toerisme, oftewol de gastfrijheidsekonomy, binne der kânsen om tûke keppelings te lizzen mei it oantreklik meitsjen fan Fryslân foar ynweners en besikers. Soks kin middels nasjonale en regionale (wetersport)eveneminten, wêrby't wy mei eveneminten op it mêd fan Fryske sporten de rekreatant en de toerist graach yn oanrekking komme litte wolle mei de tradisjonele Fryske kultuer. Yn de Beliedsnota Gastfrij Fryslân 2028 wurdt in tûke groei neistribbe, troch te sykjen nei in

goede balâns. Dêrby stiet de fraach sintraal hoe't de sektor sels bydrage kin oan brede wolfeart. Sawol ús (sportive) ynweners, as ús besikers hawwe baat by foldwaande romte foar rekreaasje, mei each foar lânskiplike kwaliteit en belibbingswearde. Dêrby spylje in poerbêst kuier- en fytsknooppuntenetwurk en in optimale struktuer fan farwegen yn Fryslân in wichtige rol.

- As ûnderdiel fan ús opjefte om de leefberens te fersterkjen, hawwe wy yn it Iepen Mienskipsfûns (IMF) yn it tiidrek 2020-2023 foar goed € 3,6 miljoen subsydje ferliend oan projekten dy't bydrage oan it stimulearjen fan in fitale, bewegende sûne befolking. Dêrûnder in soad sportfasiliteiten en eveneminten. Yn 2023 binne der 46 sportakkommodaasjes ferduorsume. Ek yn de hjoeddeistige beliedsperiode is der romte om mienskipsgebouwen duorsumer te meitsjen. Dêr stelle wy yn 2024 en 2025 € 2 miljoen foar beskikber.
- Wy wolle it promoatsjen fan in sûne itensstyl en sûn iten mear mei in positive sportkultuer ferbine. As lânbouwprovinsje fan Nederlân is Fryslân de produsint fan sûn, goed en feilich iten en lokale produkten. Yn de kommende beliedsperiode steane wy iepen foar projekten om de konsumpsje fan lokale sûne produkten te stimulearjen op plakken dêr't in soad sportende minsken by elkoar komme, lykas de sportkantines.

Haadstik 10

Us finansjele ynset

Yn ûndersteand skema is de begutting opnaam foar it Fryske sportbelied foar de kommende fjouwer jier, wêrby't in yndieling makke is foar de bekostiging fan strukturele en tydlike aktiviteiten. Yn de begutting is rekken hâlden mei de strukturele bydrage oan Sport Fryslân, Firda CIOS, KNKB, Frysk Ljeppers Boun, Damboun Frysk Spul, Stichting foar de Neiteam en Topsport NOORD. Fierder is rekken hâlden mei genôch finansjele mooglikheden foar in subsydzjeregeling foar grutskalige sporteveneminten, de oprjochting fan in breed sportfûns (alle jierren € 65.000,-), in gearhingjend plan foar it ferbetterjen fan de tagonklikens ta dielname oan sporten

(alle jierren € 50.000,-) en de útfiering fan de Noardlike Topsportagenda (alle jierren € 40.000,-). By de begutting fan de Fryske Sporten is rekken hâlden mei foldwaande finansjele mooglikheden foar in subsydzjeregeling foar Fryske Sporten en it fersterkjen fan de takomstbestindigens fan de Fryske Sporten (alle jierren € 137.500,-). Foar it projekt skoalreedriden wie yn 2025 en 2026 al alle jierren € 125.000,- beskikber steld. Dy bedraggen binne net op 'en nij yn dizze begutting opnommen. Foar de jierren 2027 en 2028 is allyksa € 125.000,- begutte.



Begutting (strukturele budzjetten)	2025	2026	2027	2028
Sport Fryslân	704.600	704.600	704.600	704.600
Firda CIOS	29.600	29.600	29.600	29.600
Keninklike Nederlânsk Keatsbûn	53.200	53.200	53.200	53.200
Frysk Ljeppers Boun	10.200	10.200	10.200	10.200
Damboun Frysk Spul	10.200	10.200	10.200	10.200
St. Foar de Neiteam	10.200	10.200	10.200	10.200
Topsport NOORD	369.600	369.600	369.600	369.600
Fryske sporten	109.700	109.700	109.700	109.700
Subtotaal	1.297.300	1.297.300	1.297.300	1.297.300

Begutting (tydlike budzjetten)	2025	2026	2027	2028
Sportoeverpriis	20.000	20.000	20.000	20.000
Grutskalige sporteveneminten en Breedtesport	320.000	320.000	320.000	320.000
Fryske sporten	137.500	137.500	137.500	137.500
Skoallereedriden			125.000	125.000
Subtotaal	477.500	477.500	602.500	602.500
Budzjet mei-inoar	1.774.800	1.774.800	1.899.800	1.899.800

Einnoaten

- In Fryske siswize foar: it hawwen fan in goede geastlike en lichamlike sûnens.
- Yn de perioade 2016-2022 is de iensumens yn Fryslân 5% hurder tanommen as lanlik it gefal is. Op dit stuit fielt 47% fan de ynwenners fan Fryslân him iensum. Dat is lykwols noch altyd leger as it lanlik gemiddelde fan 49%.
- Foar folwoeksenen en âlderein betsjut soks 2,5 oere yn 'e wike ridlik yntinsyf bewege en twa kear yn 'e wike spier- en bonkfersterkjende aktiviteiten útfiere. Bern (4 o/m 17 jier) moatte dêrfoar alle dagen ien oere yntinsyf bewege en trije kear yn 'e wike spier- en bonkfersterkjende aktiviteiten ûndernimme.
- Wallball is in fariant fan keatsen, it saneamde muorrekeatsen.
- Sportkrêft 12 is in gearwurkingsferbân mei alle provinsjale sportorganisaasjes fan Nederlân as dielnimmer (<https://sportkracht12.nl/>).
- Moasje frjemd fan 28 febrewaris 2024 'fan PvdA en GrienLinks oangeande stipe sportklups en ferienings'.
- By Mobility as a Service (Maas) giet it om plannen, boeken en beteljen fan al it mooglike ferfier fia apps, bygelyks de dielfyts en de dielauto.

Kolofon

Provinsje Fryslân
Twibaksmerk 52
8911 KZ Ljouwert
058 - 292 59 25
provinsje@fryslân.frl

Foarmjouwing en digitale tagonklikens

Provinsje Fryslân

Digitale tagonklikens disclaimer

It doel fan dit dokumint is om de mienskip te ynformearjen oer de Beliedsbrieff Sport. Foar in dokumint mei dit doel tinke wy dat wy in goede balâns makke hawwe tusken it oanbieden fan rike ynformaasje oan 'e iene kant en digitale tagonklikens oan 'e oare kant.

Fiele jo jo dochs beheind yn it gebrûk, nim dan kontakt op mei Provinsje Fryslân. Wy wurdearje jo ynbring oer hoe't it better kin.

Fotografy

Dyna '75
Wiebe Sietze
De Friesland
Johan de Wit
Topsport NOORD
Martin de Jong
Sport Fryslân
Frysk Ljeppers Boun
Keatsbûn KNKB
Provinsje Fryslân

Fryslân yn beweging: elkenien docht mei Beliedsbrieff sport